


2016-Grut ûnderhâld oan de toer fan Kollumersweach troch oannimmersbedriuw Pompstra.

Wike 35-2016 toer yn de stegers, grêfstienen ôfskerme, galmboerden binne fuorthelle en de wiizerplaat is ophelle troch Vellema Hallum foar grut ûnderhâld. It foechwurk fâlt net ta. Der sil mear m2 foechwurk dien wurde moatte dan yn it bestek oanjûn is.



De galmboerden binne fuorthelle en sille ferfangen wurde. It lead tusken de tsjerke en de toer is noch goed. Dit is sa'n 4 jier ferlyn makke.



Wike 36-2016 Vellema Hallum hat it wurk oan de ferljochting klear en hy hat de wiizerplaat nei skilder De Graaf yn Burdaard brocht dy't no dwaande is mei it fervejen en fergulden. Sy ha oerliz mei Pompstra oer it werombringen fan de wiizerplaat. Dat moat sa let mooglik, eins in dei foar dat de steger wer opropme wurdt.

Dizze wike binne de foegers drok dwaande west mei it útheljen fan de foegen. Der is diskusje oer it útheljen fan de foegen en dizze wike sille we nochris sjen nei it útheljen foar dat de nije foegen der wer yn gean. Dan kinne we ek in kar meintsje út 3 proefstikken foar de kleur.



It mitselwurk, wat nei de stoarm yn 2013 op'e nij opmetsele is, stiet net goed fêst en sil better ferankere wurde moatte. Besletten is dit stik op'e nij op te mitseljen en dan fuort te ferankerjen mei it besteande wurk.

Wike 37-2016. De ljochtste foech komt it bêste by it besteande. Der moat noch wol wat rûger sân en mear skelpen by. Dêrfan wurdt noch in nij proefstik opsetten en dizze sille we freed besjen. Foegjen boppe de 25 graden is net goed, de foech droeget dan te hurd. Dat dizze dagen wurdt der net foege.

Fierder is der in nije souderflier makke en is der in stoarmketting oan it daklûk makke.



De nije galmboerden binne te plak makke. Dit binne ikenhouten boerden dy't fierder net mear skildere wurde. Dan binne we fan it skilderûnderhâld ôf. It hout kin moai ferwaarje en fan de grûn ôf sjochst it ferskil net. Ek is der nij lead oanbrocht by de rollagen del.



It mitselwurk is wer op'e nij, mei ferankering, opmitsle.



Wike 38-2016. De foegers fan "de Wâlden" binne útein set mei it foegjen, mei de kleur fan it meast rjochtse proefstik. Tegearre mei Piet Weijer fan SBKGF ha we soen dat dizze it bêste by de besteande foech past.



Vellema Hallum hat op 23 septimber de wiizerplaat wer werombrocht.



Sa wie it foar de tiid

